



Nije skoalle, nije gymseal

Konstastearjende dat:

- De gymseal (oan De Weeme) yn Lekkum op dit stuit brûkt wurdt troch de Professor Wassenberghskoalle (hjernei te neamen: 'PWS' en sportferienings;
- De gymseal yn behear is fan bv SPORT;
- De gymseal (njonken de PWS) op in terp boud is, mei dêrtroch fersakket en ta is oan grut ûnderhâld;
- De PWS oer in pear jier in nij skoallegebou krijt oan de oare kant fan de dyk (Buorren);
- De PWS ek nei de ferhuzing tawezzen is op de âlde gymseal en dat de bern dêrfoar in trochgeande dyk oerstekke moatte;
- It beliedskader ûnderstrekjet dat sportynfrastruktuer takomstbestindich, duorsum en geskikt wêze moat;

Oerwaagjende dat:

- In nijbou fan in gymseal yn kombinaasje mei de nije skoalle yn Lekkum in dûbele mearwearde hat foar sawol ûnderwiis as sportferiening(en);
- Dizze lokaasje goed berikber is û.o. fanút Ljouwert East en Blitsaerd en dêrmei in geskikte lokaasje wêze soe foar in nije gymseal;
- De âlde sporthal midden yn it doarp stiet en soarget foar mear ferkear yn it doarp;

Freget it kolleezje:

- De mooglikheden te ûndersykjen om de âlde gymseal te ferfangen troch in nije gymseal njonken de nije skoalle;
- Hjirfoer yn gesprek te gean mei bv SPORT, de PWS, Proloog en de mienskip fan Lekkum.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Bauke Beert Keizer
FNP Ljouwert